

Tjits Hoitsma-Piersma

Tjitske (Tjits) Hoitsma-Piersma nam op de algemene vergadering van maandag 23 april 2007 afscheid van het bestuur van de Vereniging van Vrienden van het Kaatsmuseum en Documentatiecentrum van de KNKB. Statutair was zij voor een volgende periode niet herkiesbaar. Voor haar ruim vijftienjarige inzet werd penningmeester Tjits door de heer T. Boomstra, hoofdbestuur lid van de KNKB, het bondsinsigne opgespeld.

In 1991 ging er van de Museum- en Documentatiecommissie van de KNKB een circulaire naar alle fervente kaatsliefhebbers uit, waarin, bij voldoende belangstelling, de oprichting van de Stichting 'Freonen fan it Keatsmuseum' werd aangekondigd. Tevens werd een formulier bijgevoegd waarop men zich kon opgeven. Tjits zond dat formulier tijdig, vóór 1 januari 1992, en ingevuld terug. Daarna ging Pieter Breuker van de Museum- en Documentatiecommissie naarstig op zoek naar bestuursleden en vond die in de personen van Marten Gerlofsma (voorzitter), Willem Hiemstra (secretaris) en Tjits Hoitsma-Piersma (penningmeester). Op 15 februari 1993 werd de Vereniging van Vrienden van het Kaatsmuseum en Documentatiecentrum van de KNKB statutair opgericht. Tevens werden toen de bestuursfuncties onderling verdeeld. In *De Keatsfreon* van 1994 werd het eerste financiële verslag van de penningmeester opgenomen, waarbij het saldo ca. f 1100,- bedroeg. Er waren toen ongeveer 60 leden. Meteen dienden zich toen ook de minder

aangename aspecten van het penningmeesterschap aan, namelijk het niet of niet tijdig betalen van het lidmaatschapsgeld. In dit geval betrof het nog maar enkele leden, maar met de aanwas tot 350 leden in 2007 zouden steeds meer vriendelijke 'aanmaningen' de deur uitgaan. Hierna werd de lidmaatschapscontributie veelal wel voldaan. De penningmeester kreeg verder nog te maken met de invoering van de acceptgirokaart (1996), de invoering van de euro (2002) en een contributieverhoging (2006).

Vele bestuursvergaderingen werden bij Tjits thuis gehouden, waarbij de verzorging niets te wensen overliet. Ook ontving Tjits elk jaar weer de kascommissie, die ook altijd met open armen werd ontvangen en dan ook nooit onregelmatigheden in de boekhouding wist te ontdekken.

Verder hield zij de ledenlijsten en de mutaties hierin nauwkeurig bij. Het inpakken en verzenden van de bescheiden voor de algemene vergadering kon gerust aan haar worden overgelaten. Andere aardige onderdelen van het penningmeesterschap waren: het kopen van cadeaus en bloemen voor de sprekers op de algemene vergaderingen of bij afscheidsrecepties, zoals van voorzitter Gerlofsma op 9 april 2001, het bezoeken van recepties, het uitkeren van subsidies bij te houden exposities of dergelijke en de ontvangst van sponsorgelden.

In de ruim vijftien jaar dat Tjits Hoitsma-Piersma als penningmeester van 'De Freonen' fungeerde, nam het aantal leden dus toe tot ongeveer 350. In de laatste algemene vergadering werd afscheid genomen van een betrokken en gewaardeerde penningmeester. Ook de verstandhouding tussen de bestuursleden onderling was altijd optimaal.


Willem Hiemstra



Tjits Hoitsma-Piersma krijgt zo meteen van HB-lid Tinus Boomstra het Bondsinsigne opgespeld. (Kaatsmuseum, 23 april 2007). Foto Theo Kuipers.

Keatskronyk 2007

It ôfrûne jier sette yn sporthal De Trije te Frjentsjer útein mei in demonstraasje 'one wall handbal' troch wrâldkampioen William Polanco. Der wie in protte belangstelling, dy't it muorrekeatsen grif te'n goede komt. Yn de rin fan it seizoen die bliken dat troch spesifike training, wedstriden en ynternasjonale toernoaien it muorrekeatsen stadichoan begjint te ferskoven fan aardige trainingsfariant nei serieuze wedstriidsport. It wie dan ek gjin tafal dat it keatsjier op www.muurkaatsen.nl einige mei: 'All the indications are, there will be a huge interest of international One Wall handbal across Europe.' Yn hoefier't dit sitaat fan Tom Walsh, de foarsitter fan de Irish Handball Council, realiteitswearde hat, sil de takomst útwize.



4 jannewaris 2007, Sporthal De Trije, Frjentsjer. William Polanco yn aksje. Foto: www.djts.nl.

De takomst hâlde it HB dit jier dochs al knap dwaande. Der waard in definityf beslút nommen oer de opset fan in nije *WIS IN* en der kaam in nije webside. In tal eksperiminten, lykas skean opslaan, frije wikseling fan opslach en oanmerken by de jeugd yn it ferlingde fan it perk, waard op de Algemiene Gearkomste yn desimber sûnder in protte diskusje omset yn definitive spulregels. It wie bysûnder dat in sport dy't dochs sa steld is op tradysjes, hjir sa maklik ôfskie naam fan in tal elementêre spulregels. Eksperiminten mei in oare bal (gewicht, kleur, grutte), dêr't âld-bûnstrainer Tsjalling van der Berg yn 2006 noch in goed ûnderboud pleit foar hâlde, kamen yn 2007 net út de ferve. De keatsers hienen der gjin nocht oan en it eksperimint wie gau fan de baan.

Bysûnder op de takomst rjochte wie de ambysje fan it Bûn om it keatsen yn 2018 op de wedstriidaginda fan de Olympyske Spullen te krijen. It levere yn elts gefal in moaie kop op yn de Ljouwerter krante en in glimke by dizze kronykskriuwer. Serieuzer, mar ek driigjender wienen op de Algemiene Gearkomste de takomstlûden fan Tjerk Prins, de ponghâlder fan de KNKB. As der yn 2008 gjin nije (grutte) ynkomsten generearre wurde, foarsjocht er in tekoart fan mear as € 100.000 yn 2009. It ôfskaffen fan de nijjiersresepsje mei in kostepost fan € 3500,- helpt dan safolle as in drip wetter op in gleone stien.

Ek ambisjeus is de doelstelling fan it HB om yn de kommende beliedsperioade (2009-2013) it oantal

leden te ferheegjen fan 15.000 oant 20.000. By in weromrinnende dielname oan Iedepartijen, minder besikers oan wedstriden en in grutte konkurrinsje fan oare sporten, sil ek hjir de takomst útwize moatte wat fan dy ambysje de realiteitswearde is.

De keatsers, en dan benammen de haadklassers, hâlden har mear dwaande mei de realiteit fan it momint. Sa'n momint wie der yn Boalsert, doe't foarsitter Ziengs de keatsers ferbea om op it troch de rein trochwekke fjild fierder te spyljen op saneamde 'fuotbalskuon' ('blades'). De spilers wienen it dêr net mei iens, dat de wedstriid waard staakt. Ien en oar late úteinlik foar in achttal keatsers ta in beropskwestje mei in jildboete fan elts € 250,-. Dy boete kinne de keatsers werom fertsjinje troch promosjonele aktiviteiten te dwaan foar de KNKB.

Ek de net-keurde mof fan (opslagger) Johan van der Meulen, mei as straf it útsluten foar fiif wedstriden, late ta heger berop. Johan hie gelok. Troch in net-reglemintêre behanneling fan syn saak troch de strafkommisje gie er frij-út. De ynterpretaasjeferskillen tusken strafkommisje en beropskommisje oer de regels en prosedueres laten ta it opstappen fan de komplette strafkommisje.

Realiteit wie ek it ôfskie fan Jan van der Meij as foarsitter fan de PC. Van der Meij moast der om reden fan súnens mei ophâlde en waard opfolge troch Minne Dijkstra. Fansels wie eltse keatsleafhawwer nijsgjirrich hoe't Dijkstra it der fan ôfbringe soe yn syn